

IN PLEIT FOAR IEN GRUT ALDFRYSK WURDBOEK*

Siebren Dyk

Ms Wurle 41 (1992), 130-138!

Summary

A comprehensive dictionary of Old Frisian is one of the long-standing wishes of frisistics. One of the reasons for the delay in compiling such a dictionary is that a number of Old Frisian legal manuscripts have not yet been properly edited. The situation with regard to editing the Old Frisian charters is much better. This is one of the reasons why Vries (1990) launched a plan to compile a comprehensive dictionary of the language of the Old Frisian charters only, which would result in a splitting up of the Old Frisian dictionary. In this article I argue that there is little to be said for such a move. On the other hand, there are many arguments, both fundamental and practical, in favour of a comprehensive dictionary that covers all Old Frisian texts.

Ien fan 'e bydragen yn 'e bondel *Aspects of Old Frisian Philology* (Bremmer, Van der Meer & Vries, útj., 1990) dy't it meast myn omtinken lutsen, wie dy fan 'e lêstneamde besoarger sels. Oebele Vries hâldt dêryn in pleit foar it bewurkjen fan in wurdboek op 'e Aldfryske oarkonden. Ik bin net botte oeral fan dat plan, en ien fan 'e kearen dat ik dêr mei de auteur oer op 'e tekst wie, trune er my oan om myn beswieren yn dit tydskrift op papier te setten. Ik wol dat by dizzen graach dwaan, benammen ek omdat it fraachteken yn syn titel *Zu einem Wörterbuch der altfriesischen Urkundensprache?* oanjout dat foar Vries sels de diskusje ek noch net sletten is. Hoe't de úteinlike útkomst fan dy diskusje ek wêze sil, ik hoopje yn alle gefallen dat mei dit stikje guon problemen fan 'e leksikografy fan it Aldfrysk wat skerper formulearre binne, en dat it in lytse bydrage wêze kin ta de tarieding fan in wittenskiplik wurdboek fan it Aldfrysk. Want it stiet fansels al lang bûten kiif, dat it Aldfrysk in wiidweidiger en bettere leksikografyske beskriuwing fertsjinnet as dat it oant no ta krigen hat (sjoch Århammar 1990 foar in oersjoch).

Vries is oars net de earste dy't der oer tinkt om it wittenskiplike wurdboek fan it Aldfrysk op te dielen. Sjölin (1972/1973) hat in tweintich jier lyn dêroer ek al ris in proefballontsje oplitten. Mar sa konkreet as Vries syn útstel hawwe de

* Foar it kritysk trochliêzen fan in eardere ferzje fan dit artikel tankje ik Anne Dykstra en Willem Visser. Myn spesjale tank giet út nei Oebele Vries; sûnder dy syn oantrún wie dit stik net skreaun wurden.

ideeën yn dy rjochting noch net west. Vries syn artikel bestiet út fiif parten. Yn 'e foarste paragraaf komme de foars en tsjins fan in apart oarkondewurdboek op it aljemint. Dêrnei komt oan 'e oarder, hokker teksten oft foar sa'n wurdboek yn 'e beneaming komme, hoefier oft it projekt hinne is, en hoe't de artikels opboud wurde kinne. Yn paragraaf fiif wurdt by eintsjebeslút in priuwke jûn yn 'e foarm fan it artikel *biltva*, nijfrysk *bluwe*. Yn dit stik wol ik benammen yngean tsjin paragraaf ien. Myn konklúzje sil wêze, dat in apart wurdboek op 'e Aldfryske oarkonden op dit stuit net de pree hawwe moat. Krekt oarsom, ik gean yn dit stik yn 'e pleit foar in wittenskiplik wurdboek dêr't - yn oansluting by eardere plannen - it hiele Aldfrysk yn behannele wurdt.

Oer dy plannen haw ik oars gjin dúdlike iepenbiere dokumintaasje fine kind. Vries skriuwt ek fan: "Bereits 1948 wurde am Friesischen Institut der Universität Groningen damit begonnen, die bis dahin edierten altfriesischen Urkunden zu verzetteln. Man verfolgte damit *offenbar* den Zweck, dieses Material letztlich in einem neuen Wörterbuch des gesamten Altfrisischen zu verarbeiten" (s. 483; kursivearing fan my). Immen as Buma liket ek ien wurdboek foar it hiele Aldfrysk op it each hân te hawwen. Yn syn *Slútward* by it filologekongres fan 1975 seit er alteast (Buma 1977, 134): "Hwat binne dan de winsken foar ús tael fan 'e âldste tiden ôf oan oant sa likernôch 1550 ta? Alderearst in great *Aldfrysk Wurdboek*, dat de hiele nou bikende wurdfoarrie fêstleit en alle eardere útjeften oerstallich makket. Dêr wurdt al in fearnsieu lang oan arbeide. Prof. Brouwer is yn 1952 mei dat wurdboekûndernimmen út ein set, yn 1956 krige ik dat op 'e noed en as ik takomme jier as heechlearaer ôfgean, sil myn opfolger mei dat wurk fuortfarre en dêr de taslach oan dwaen moatte. Slachte op slachte bout op sa'n wize oan in monumintael standertwurk, dêr't de neiteam ienris by de stúdzje fan it Aldfrysk it grêtste profyt fan hawwe sil".

Ut Vries syn artikel binne fjouwer arguminten te heljen dy't sprekke foar in apart wurdboek op 'e Aldfryske oarkonden. It earste is, dat de oarkonden, yn tsjinstelling ta oare Aldfryske sjenres, oant no ta leksikografysk hiel min of eins hielendal net tagonklik binne. By de oarkondeútjeften ûntbrekt in glossarium of *index verborum*, en yn 'e Aldfryske (hân)wurdboeken dy't oant no ta ferskynd binne, binne de oarkonden tige oan 'e krapperein kaam, en dan faak ek noch basearre op net botte betroubere útjeften. Vries stelt oard mei rjocht, dat de oarkonden no allegearre wol betrouber útjûn binne, yn tsjinstelling ta de rjochts-hânskripten; guon dêrfan wachtsje noch op in moderne edysje. Mei in wurdboek op 'e oarkonden soe dêrom al fuortendaliks begûn wurde kinne. Treds wiist Vries op 'e sitewaasje yn it Dútske taalgebiet, dêr't foar it Middelheechdútsk op 't heden oan in apart wurdboek op 'e oarkonden yn dy taal wurke wurdt, it *Wörterbuch der mittelhochdeutschen Urkundensprache*. Foar it fjirde en grif wichtichste argumint slút Vries oan by Sjölin (1972/1973). Dy leit der nochal de

klam op dat wat oer it generaal ûnder "Aldfrysk" ferstien wurdt, yn werklikheid in samling tige heteroogeen taalmateriaal is. Dêrbinnen foarmje de oarkonden krekt in frij homogeen gehiel: se hawwe frijwat in eigen terminology, en boppedat stamme se op trije nei allegearre út Westerlauwersk Fryslân.

Ik wol no earst Vries syn arguminten bylâns. De útkomst dêrfan is, dat men op syn geunstichst sizze kin dat der op it meitsjen fan in wurdboek op 'e oarkonden net safolle tsjin is. Mar Vries makket tinkt my te min dúdlik wêrom oft sa'n wurdboek, en dus de opspjalting fan it Aldfrysk wurdboek oer tekstsjenres, needsaaklik is. Dêrnei hoopje ik sjen te litten dat de leksikografyske behandeling fan it Aldfrysk yn ien grut wurdboek wittenskiplik en praktysk krekt wol grutte foardielen hat.

Dat de oarkonden oant no ta oan 'e krapperein kaam binne, hat Vries gelyk oan. Mar it is fansels net sa, dat se yn in nij op te setten algemien Aldfrysk wurdboek ek wer op 'en nij oerslein wurde moatte soene. Wat Vries hjir nei foaren bringt, hat dan ek allinne mar in grûn fan jildichheid at jo der fan út geane, dat in apart oarkondewurdboek earder klear is. No hinget dat mar krekt ôf fan hoe folle jild en mankrêft oft der ynset wurde kin, mar even oannimmende dat dy foar beide opsjes gelyk binne, dan noch is it foardiel fan in apart oarkondeprojekt relatyf: jo soene yndied earder in wurdboek op 'e oarkonden hawwe, mar jo bliuwe oan 'e oare kant foar de oare tekstsoarten langer yn 'e hjoeddeiske, ek lang net ideale sitewaasje fan in sterk ferâldere wurdboek (Von Richthofen) en beheinde hânwurdboeken stykjen.

Vries syn twadde argumint is, dat jo mei in apart wurdboek op 'e oarkonden fuortendaliks begjinne kinne, om't de boarnen binne allegearre al kreas útjûn. Hoewol grif net ûnwier, liket my dy feitlike tastân net te pleitsjen foar de leksikografyske bewurking fan dy goed útjûne boarnen, mar krekt foar it sa gau mooglik goed útjaan fan ek dy oare boarnen. Betroubere tekstútjeften hawwe tinkt my in hegere prioriteit as in goede beskriuwing fan 'e wurdskat, omdat net allinne leksikografyske mar ek allegearre oare ûndersyksmêden dêrfan ôfhinklik binne. Wat dat oanbelanget hat de oprop fan Brouwer (1940, 85), "Jow ús teksten", noch altiten syn jildichheid.¹ Sa min leit it lân der oars no ek wer net hinne, want der is fansels op dit stuit folle mear al as net útjûn. Mar it soe in goed ding wêze at efter de útjefte fan Codex Roorda, Codex Unia en Alde Druk gong set wurde soe.

Oft Vries syn ferwizing nei it wurdboek op 'e Middelheechdútske oarkonden troch him ek sjoen wurdt as in argumint foar in apart Aldfrysk oarkondewurdboek, wurdt út syn bydrage net alhiel dúdlik. De suggestje liket te wêzen, dat eat oannimlikker is at in oar wat soartgelikens by de ein hat. No is soks yn absolute

1. Ik tankje A. Feitsma foar it fynplak fan dit sitaat.

sin fansels gjin goede redenaasje. De ferwizing nei it Middelheechdútske oarkondewurdboek soe op 'en geunstichsten in beskate plausibelens ha kinne at de omstannichheden goed ferlykber wêze soene. En dat is tinkt my net it gefal. Fan it hiele Middelheechdútsk besteane ommers al twa wiidweidige wurdboeken,² dat it oarkondewurdboek dêre kin beskôge wurde as eat der op ta.³ Dy lúkse sitewaasje sitte wy mei it Aldfrysk net yn. At jo jo wier spiegelje wolle soene oan it Middelheechdútsk, dan soe der dus krekt earst in wittenskiplik wurdboek foar it hiele Aldfrysk komme moatte.

No soe útholden wurde kinne dat dy sitewaasje foar it Middelheechdútsk dochs minder florissant is, en dus tichter by dy fan it Aldfrysk stiet, as dat op it earste each liket. Ommers, dy 19de-ieuske wurdboeken wurde algemien as ferâldere beskôge, en folle omtinken foar de oarkondetaal hawwe se net. Yndied bestiet der ûnder de lju dy't har mei it Middelheechdútsk dwaande hâlde grutte ûntefredenens oer de wurdboekfoarsjenning; hast eltse bydrage yn 'e sammelbondel fan Bachofer tsjûget dêrfan. Mar opfallend dêrby is, dat dy ûntefreden lûden it heil net sykje yn wurdboeken oer materiaal dat yn 'e 19de ieu oan 'e krapperein kaam is, mar krekt allegearre ta wolle op in hielendal nij te skriuwen algemien wittenskiplik wurdboek fan it Middelheechdútsk. Sels Schulze, in foaroanfrou fan it *Wörterbuch der mittelhochdeutschen Urkundensprache*, giet yn har bydrage yn 'e pleit foar sa'n wurdboek (Schulze 1988, 15).

Dat Middelheechdútske oarkondewurdboek foarsjocht oars ek noch mar foar in part yn in ferlet, om't it de oarkonden fan nei 1300 sjitte lit. De reden dêrfoar is in ienfâldige: de oarkonden fan foar dat jier binne yn it *Corpus der altdeutschen Originalurkunden bis zum Jahr 1300* kreas útjûn en kinne sa de basis foarmje foar in wurdboek (Schulze 1988). My tinkt dat idealiter *alle* boarnen foar in wurdboek brûkt wurde moatte soene. Foar it Middelheechdútsk smyt dat grif grutte problemen op, mar troch it grutte oanpart goede útjeften en troch in lytsere omfang fan it korpus lizze der foar it Aldfrysk, sa't wy sjoen hawwe, wol goede kânsen.

2. Neffens opjefte fan Kühn & Püschel (1990) binne dat it *Mittelhochdeutsches Wörterbuch* fan G.F. Benecke, W. Müller en F. Zarncke (Leipzig 1854-1866) mei 3662 siden yn fjouwer bannen, en it nettsjinsteande syn titel net folle behindiger *Mittelhochdeutsches Handwörterbuch* fan Matthias Lexer, 5944 kolommen, ek yn trije bannen (Leipzig 1872-1878). Om te ferlykjen, Von Richthofen syn *Altfrisisches Wörterbuch* (1840) komt noch net oan 600 siden ta. It earstneamde wurdboek hat oars al de ûnhandige eigenskip dat it oardere is neffens wurdstam, mar dêr is sûnt de werútjefte (Stuttgart 1990) tanksij in alfabetyske yndeks oerhinne te kommen.
3. Dat jildt foar it "textsortenbezogene Wörterbuch" yn syn algemienens, sa't Reichmann (1990) dúdlik makket. It sil ek de reden wêze dat sokke wurdboeken der net folle binne. De suverste representant yn it Dútske taalgebiet is ... it *Wörterbuch der mittelhochdeutschen Urkundensprache* (Reichmann 1990, 1539).

Op in hiel oar flak leit der noch in grut ferskil mei it Middelheechdútsk. It hjoeddeiske Heechdútsk is ommers de standerttaal fan in lytse 100 miljoen sprekkers. De Friezen kinne dêr noch gjin heal persint fan dat tal foar oer sette, en foar harren fungearret it Frysk dan ek noch net iens as standerttaal. De frisistyk kin him dêrom fanwegen de beheinde finânsjes en mankrêft folle minder permittearre.

Lykas al sein, Vries syn wichtichst argumint liket te wêzen dat de oarkonden der binnen it Aldfrysk sa útkippe, dat se in aparte leksikografyske behanneling fertsjinje. It aparte soe oan 'e iene kant sitte yn it geografysk komôf: de Aldfryske oarkonden binne Westerlauwerske oarkonden. In absolute wierheid is dat lykwols net, want trije oarkonden komme beëasten de Lauwers wei, sj. Hofmann (1970a). Vries sels (s. 484) wol dy dan ek net meinimme, mar dat betsjut wol dat in strange opspjalting neffens sjenre ferbrutsen wurdt. De izeren konsekwinsje soe no wêze moatte, dat der foar de trije Aldeasterlauwerske oarkonden ek in apart wurdboek, of better sein, wurdboekje, ferskynt, en dêr sil wol net ien oan wolle. De oare kant út doocht de geografyske beheining noch minder. Ommers, it is lang net, sa dat alle Aldwestfryske teksten tagelyk ek oarkonden binne. It wurdboek op 'e oarkonden kin dus nea tsjinje as in wurdboek op it Aldwestfrysk. Geografysk binne de oarkonden dus net unyk, en op dy grûn is in spesjaal oarkondewurdboek neffens my dan ek net rjochtfeardige.

De twadde eigenskip wêrom oft de oarkonden der útrinne, soe de foar dy tekstsoarte karakteristike technyske terminology wêze (s. 484). Dat wurdt oars troch Vries sels fuortendaliks al wat relativearre, om't er de Aldfryske brieven foar it oarkondewurdboek ek meinimme wol, en dy lizze net allegearre yn 'e juridyske sfear.⁴ Boppedat freget men jin ôf wêr't no krekt it ferskil leit mei de oare Aldfryske rjochtsteksten. Mar fundaminteler liket my ta, dat dy eigen technyske terminology mar foar in lyts part fan 'e wurdskat fan 'e oarkonden (en brieven) jildt. Der steane fansels ek by 't seksje wurden yn dy't dêr net ta hearre, mar dy't in folle algemiener betsjutting of gebrûk ha. Kurieuzernôch heart it wurd dêr't Vries in proefartikel fan leveret, it tiidwurd *bliuwe* (*bilīva*), dêr ek ta. Troch sokke wurden ek yn it wurdboek op te nimmen wurdt it unike fan 'e oarkondetaal mear as in lyts bytsje ûndersnijd. Krekt by dat algemiene part fan 'e wurdskat soe it effisjinter wurkje at it hiele Aldfryske materiaal yn ien kear bestudearre wurde koe.

4. "Hinsichtlich der Briefe kann noch angemerkt werden, daß diese, auch im Rahmen der Familienkorrespondenz, fast ausschließlich juristischen, geschäftlichen beziehungsweise politisch-verwaltungsmäßigen Inhalts sind. Die Einbeziehung des Wortmaterials der Briefe macht die Urkundensprache, die vornehmlich die Rechtssprache repräsentiert, demnach kaum weniger homogen" (Vries 1990, 487). De relativearjende bepalings binne fan my kursivearre.

Mar der sit ek noch in prinsipiële kant oan dizze saak. Jo kinne nammentlik unike pas op it spoar komme, at jo it ôfsette kinne tsjin it net-unike. Jo kinne du pas beskiede dat in wurd of in betsjuttingsskift unyk ta de oarkondetaal heart, en jo it folsleine Aldfryske materiaal troch west hawwe. Dat wurdt allegearre prachtich yllustrearre yn Vries syn proefartikel. De measte betsjuttings fan : tiidwurd *bilīva* lykje moai algemien te wêzen, en allinnich it lêste skift ("te scheidrechterlijke beslissing overdragen") soene jo fan tinke kinne dat it typys yn 'e sfear fan 'e oarkonden leit. Mar dat is mar in ûnderstelling fan my, it wurd nearne posityf of negatyf eksplisitearre. Op sa'n foet sil de brûker dus d wurdboeken fan 'e oare Aldfryske sjenres der ek by slepe moatte, ear't er gewaa wurdt oft dy betsjutting allinnich by de oarkonden foarkomt.

Mocht in wurd, in betsjutting, of in fêste ferbining allinnich mar yn in beskat tekstsoarte foarkomme, dan soe dat yn in algemien wurdboek koart en handich sichtber makke wurde kinne troch bygelyks in spesjale markearring op te nimmen. Sa'n útstel is fansels net nij, en foar de leksikografy fan it Aldfrysk is it ek al ri: nei foaren brocht troch Hofmann (1970b). Dy woe foar syn hânwurdboek siferke: yn superskript brûke, bygelyks in 5 foar "Altwestfriesisch, Urkunden allgemein". My tinkt dat better oare symboalen brûkt wurde kinne, want sifers binne no ienri: min te ûnthâlden, mar it prinsipe bliuwt der itselde om. Foar in ferwizing nei de oarkonden soe dan bygelyks in *O* foar kar naam wurde kinne.

Ien grut algemien wittenskiplik wurdboek is dus ek nochris folle praktysker as in samling lytseren dy't har beheine ta in beskate Aldfryske tekstsoarte. It buro komt net fol te lizzen, jo beheine de ôpsyktiid geweldich, en jo krije yn ien kear in oersjoch fan 'e oerienkomsten en ferskillen. Boppedat tink ik dat ien wurdboek ek folle better oanslút by it belang fan 'e measte en benammen ynternasjonale brûkers. Dy sille ommers oer it generaal witte wolle hoe't eat yn it Aldfrysk sit, en net yn it foarste plak hoe't it der hinne leit yn bygelyks it oarkondefrysk of it houlikstasprakefrysk.

Dat bringt my noch by in oar probleem, en dat is de yndieling en ôfgrinzging fan 'e ûnderskate tekstsoarten. Wy hawwe datoangeande al swierrichheden sjoen yn ferbân mei de Aldeastfryske oarkonden en de Aldfryske brieven. Vries lit him oer dizze kwestje fierders net út, mar hy is der fansels wol. De earste stap yn in ferdieling is altyd de maklikste, mar der sille altyd restkategoryen bliuwe dy't slim ûnder te bringen binne. Om mar in foarbyld te jaan: wat dogge jo mei it sjenre fan 'e houlikstaspraken? En moat der foar de kronykjes ek in apart wurdboek komme?

Jo komme op sa'n foet op 't lêst fansels foar absurde fragen te stean. Ik bin bang dat it dêr yn dit gefal ek needsaaklikerwize op útdraaie moat, omdat it yndielingskritearium net doocht. In wurdboek is yn it foarste plak in taalkundich produkt, dat ek op taalkundige grûnen opset wurde moat. En dat bart net at jo

dat dogge op grûn fan sjenres. Dy meie sosjaal sjoen miskien hiel ferskillend fungearre hawwe, mar dat smyt noch gjin grutte taalkundige ferskillen op. Dy beheine har ta dat part fan 'e wurdskat dat ta de faktaal heart, en mooglik binne der wat stilistyske ferskillen mei anneks. Mar dat jout apartichheden dy't taalkundich sjoen frij perifeer, en sadwaande ek net botte ynteressant binne.⁵ At it Aldfrysk wier opspjalten wurde moatte soe, dan soe dat neffens my better kinne neffens de âlde skiedsline tusken Aldeastfrysk en Aldwestfrysk, of foar wa't dat leaver hat, tusken klassyk en postklassyk Aldfrysk.

Mar ek dan soe ik der noch net foar wêze. Ik tink nammentlik dat nettsjinsteande alle ferskillen it mienskiplike binnen it Aldfrysk net út it each ferlern wurde moat. En boppedat bliuwt jildich wat hjirfoar al nei foarren brocht is: krekt yn in behanneling fan it hiele Aldfrysk falle de ferskillen yn it each, en kinne se foar de brûker ek op in opfallende wize sinjalearre wurde, wylst boppedat de measte brûkers ynteressearre wêze sille yn it Aldfrysk en net yn in dielfariant dêrfan.

Der spilet fierders noch in praktysk probleem mei. Men mei teminsten hoopje dat de gearstallers fan 'e dielwurdboeken noch wol sa folle each ha foar de belangen fan 'e brûker dat se him paadwiis meitsje nei it oare part of de oare parten fan it Aldfrysk. Der sil dan ek nei it of de oare dielwurdboek(en) ferwiisd wurde moatte. Om dat dwaan te kinnen sil der ferwiisd wurde moatte nei de yngong fan in oar wurdboek, it lemma. No is ien fan 'e eigenaardichheden fan ús midsieuske foarfaars dat se der net in fêste stavering op neiholden. De foarm fan it lemma sil dus troch de gearstaller(s) fan elts Aldfrysk wurdboek sels fêststeld wurde moatte, en dat sil faak pas dien wurde kinne neidat it materiaal goed bestudearre is. Myn konklúzje is dan ek dat soks by it opspjalten fan 'e beskriuwing fan 'e Aldfryske wurdskat yn aparte projekten allinnich kin, at der in goed oerlis is tusken de ûnderskate bewurkers. Al wurdt der wol ris klage oer de koördinaasje yn 'e frisistyk, soks sil mooglik de grutste swierrichheid net wêze. Mar in betingst is dan fansels al, dat der *tageflyk* oan 'e ûnderskate dielprojekten wurke wurdt. Yn 'e opset fan Vries is dat net it gefal; dy wol fêst begjinne mei de oarkonden, en de rest op 'e no noch ûntbrekkende tekstútjeften wachtsje litte. By Vries, mei syn yndieling yn tekstsoarten, docht him dêrby ek noch it probleem foar dat er net wit nei hokker wurdboeken oft er ferwize moat, want hy is der noch net fan op 'e hichte hoe't de ûnderskate tekstsoarten oer de wurdboekprojekten ferparte wurde sille. Jo sille yn syn proefartikel dan ek om 'e nocht nei sokke ferwizings sykje. Op it earste each liket Vries dy ferwizingsproblematyk oars

5. Ut syn eigen aard wei hat it "textsortenbezogene Wörterbuch" de (begryplike) oanstriid om de klam te lizzen op 'e eigenheden fan it te beskriuwen sjenre, en it mienskiplike mei oare sjenres op it twadde plak te setten (Reichmann 1990).

wol fernimstich oplost te hawwen. Hy hat syn lemma nammentlik mei de skriuwwize *biłiwa* in klassyk jaske oanlutsen. It rare is lykwols dat neffens it foarmoersjoch fan it proefartikel de hiele stavering *biłiwa* yn 'e oarkonden net ien kear foarkomt.⁶ Boppedat twingt Vries sa de gearstallers fan it of de oare dielwurdboek(en) om deselde, foar guont grif ek hypotetyske, stavering oan te hâlden.

Ta beslút fan myn pleit foar it bewurkjen fan ien grut wittenskiplik wurdboek fan it Aldfrysk wol ik noch in pear oare foardielen neame dy't pleitsje foar sa'n wurdboek. It earste dêrfan hat te krijen mei de omfang fan it materiaal. Inkeldris komt it foar dat in leksikograaf dêr te folle fan hat, dat er by wize fan sprekken fersûpt yn 'e sitaten sûnder dat se oan it byld dat er ûnderwilens foarme hat noch eat ôf of ta dogge. Soks wol by lidwurden of guon pronomina noch wolris it gefal wêze. Mar myn ûnderfining by it redigearjen fan it *Wurdboek fan de Fryske Taal* is, dat men meastal earder te min as te folle sitaten ta jins foldwaan hat. Elts dy't wol ris in etymologyske of nammekundige stúdzje lêzen hat, sil begripe wêr't ik op doel. In nij ûntdutsen fynplak kin soms it ûntbrekkende keat wêze dat it keatling folslein makket. Sa kin foar wurdboekskriuwers soms ien ekstra sitaat krekt it goede ljocht smite op in ûnderstelling oer in betsjutting, in grammatikale eigenskip, in komôf, ensfh. It seit himsels dat de skriuwer oan in wurdboek fan it hiele Aldfrysk hjir yn it foardiel is, omdat hy de grutst mooglike samling materiaal ûnder eagen krijt. Yn myn optyk kin it net oars, of de kwaliteit fan dielwurdboeken moat fan 'e smellere materiaalbasis te lijen ha.

En dan binne der fansels noch de foardielen dy't anneks binne mei it wurkjen mei in gruttere stêf; men mei alteast oannimme dat it gearstallen fan in wittenskiplik wurdboek fan it hiele Aldfrysk gjin ienmanswurk is. Te neamen is, dat guon taken der navenant minder yn wage om't se oer in gruttere materiaal-samling en in grutter wurdboekartikel "útsmard" wurde, bygelyks ferwizings nei besibbe foarms yn oare (Ald)germaanske talen.⁷ Te neamen is, dat in gruttere stêf mear stabiliteit yn 'e fuortgong jout; at by in ienmansprojekt om wat foar reden dan ek de útfierder der by weifalt, leit fuortendaliks it hiele wurk stil. Te neamen is, dat jo mei in gruttere ploech in grutter ferskaat oan kundichheden oanlûke kinne. Dat soe dan bygelyks ta gefolch hawwe kinne dat jo foar de beskriuwingstaal net allinnich op it Hollânsk oanwiisd binne, de taal dy't Vries foar syn oarkondewurdboek foar kar nimt (s. 488).

Mar ik driigje no wat al te fier fan myn paad ôf te wiken. Myn doel wie hjir

6. De stavering dy't der it tichtste by komt, is *biłiwa*. In foarm mei in fol foarheaksel komt yn it hiele oarkondemateriaal oars mar fjouwer kear foar, ien kear stavere as *bi*, ien kear as *bij* en twa kear as *by*.

7. Sokke ferwizings ûntbrekke yn Vries syn proefartikel.

yn it foarste plak om der foar te pleitsjen om it Aldfryske fjild leksikografysk yn ien kear oan te meitsjen, en net kavel foar kavel. Ik leau dat ik genôch arguminten jûn haw dy't der in oanwizing foar binne dat sa'n oanmeitsjen yn ien kear it fruchtberste is, en dat sa de grutste kâns bean wurdt op in swiden rispinge.

Fryske Akademy
Ljouwert

BIBLIOGRAFY

- Århammar, N. (1990), 'Friesische Lexikographie'. Yn: Hausmann en dy (útjs.) (1990), 2022-2036.
- Bachofer, W. (útj.) (1988), *Mittelhochdeutsches Wörterbuch in der Diskussion*. Tübingen.
- Brouwer, J.H. (1940), 'De Burmania-sprekwirden'. Yn: *De twadde jiergearkomste fen de Fryske Akademy*. Assen, 83-182. Ek yn: J.H. Brouwer & P. Sipma, *De sprekwirden fen Burmania (1614)*. Assen (s.j.).
- Buma, W.J. (1977), 'Slútwurd', *Philologia Frisica anno 1975*. Ljouwert, 133-138.
- Hausmann, F.J., O. Reichmann, H.E. Wiegand & L. Zgusta (útjs.) (1990), *Wörterbücher. Ein internationales Handbuch zur Lexikographie*. (3 dln) Berlin / New York.
- Hofmann, D. (1970a), 'Die osterlauwerssche Urkundenüberlieferung als Quelle für das Altfriesische'. Yn: T. Hoekema, Y. Poortinga & J.J. Spahr van der Hoek (útjs.), *Flecht op 'e koai. Stúdzjes oanbean oan Prof. Dr. W.J. Buma ta syn sechstichste jierdei*. Grins, 83-94. Ek yn: Hofmann (1989), 260-271.
- Hofmann, D. (1970b), 'Die Erschliessung des altfriesischen Wortschatzes', *Philologia Frisica anno 1969*. Grins, 100-114. Ek yn: Hofmann (1989), 242-256.
- Hofmann, D. (1989), *Gesammelte Schriften*. Band II. Hamburg.
- Kühn, P. & U. Püschel (1990), 'Die deutsche Lexikographie von den Brüdern Grimm bis Trübner'. Yn: Hausmann en dy (útjs.) (1990), 2078-2100.
- Reichmann, O. (1990), 'Das textsortenbezogene Wörterbuch'. Yn: Hausmann en dy (útjs.) (1990), 1539-1549.
- Richthofen, K. Freiherr von (1840), *Altfriesisches Wörterbuch*. Göttingen.
- Schulze, U. (1988), 'Das "Wörterbuch der mittelhochdeutschen Urkundensprache" - Vorstellung einer Neuerscheinung'. Yn: Bachofer (útj.) (1988), 14-26.
- Sjölin, B. (1972/1973), 'Het Grote Oudfriese Woordenboek - terugblik, balans, problematiek', *Us Wurk* 21/22, 193-206.
- Vries, O. (1990), 'Zu einem Wörterbuch der altfriesischen Urkundensprache?'. Yn: R.H. Bremmer jr., G. van der Meer & O. Vries (útjs.) (1990), *Aspects of Old Frisian Philology*. Amsterdam-Atlanta & Groningen/Grins, 483-494.